

It Fryske tydskrift foar bern yn de boppebou

Tsjil

Op reis

Fergees
der
op út

Fytsend
bosk

Trek-
fûgels



Chris hat oeral famylje

Wrâldreis yn 80 dagen

Ilsberch op reis?!

Nederlânske spoaren yn New York

5

Jiergong 28
Maaie/juny 2025

- 3 Kom fierder**
Op reis
- 4 Gedicht**
Hoi middelbere!
- 5 Sjoch my**
Chris út Surhuzum
- 6 No sa!**
Fytsend bosk
- 7 Sjoch my**
Femke wint Lyts Frysk Diktee
- 8 Net te leauwen**
Trekfûgels
- 10 Koart ferhaal**
New York
- 13 Der op út**
De Hynstebloom
- 14 Tsjil Nijs**
Nijs fan Tsjil Tsjekt!
- 16 Tsjek dit**
Aardige weetsjes
- 18 Linkke side**
Fergees der op út
- 19 Puzelside**
Trochstreekpuzel en mopkes
- 20 Bauke, Nynke en Bram**
Strip



5



8



13



Tsjil is in tydskrift foar learlingen fan de boppebou fan 'e basisskoalle.

Haadredaksje:
Tjitske van Akker, Cedin
Einredaksje:
Tsjomme Dijkstra
Opmaak:
Grafysk / Gerke A. Hofstra
Foarmjouwing:
Monique Vogelsang
Opmaak:
Gerke A. Hofstra / Grafysk
Foto foarkant: Fotobureau Hoge
Noorden, Jacob van Essen

Redaksje-adres:
Cedin
Lavendelheide 21
9202 PD Drachten
088 0200 300
tsjil@cedin.nl
ISSN: 1389-348X

Cedin

Tsjil is fergees oan te freegjen fia www.taalplan.frl/oanmelde. It tydskrift wurdt fiif kear yn it jier as klassepakket útjûn. De digitale ferzy en de byhearrende lesbrief by elk nûmer is te finen op www.cedinonderwijs.nl./tsjil


De redaksje fan Tsjil hat besocht om fêst te stellen wêr't byldmateriaal weikomt om de fereaske tastimming foar publikaasje te krijen. Elk dy't lykwols tinkt rjochten te hawwen, kin kontakt opnimme mei tsjil@cedin.nl.

Wy ynvestearje mei Taalplan Frysk yn de kwaliteit fan Frysk ûnderwiis op alle skoallen en alle ûnderwiisnivo's. Taalplan Frysk 2030 is in gearwurking fan Afûk, Cedin, Fers, Keunstwurk, NHL Stenden, Omrop Fryslân, Semko, SFBO en de provinsje Fryslân. www.taalplan.frl

Frysk, foar no en letter

In wrâldreis yn 80 dagen?!

De Frânske skriuwer Jules Verne is ûnder oare bekend om syn boek *De reis om de wereld in 80 dagen*. It ferhaal is mear as 150 jier âld en wie foar it earst te lêzen yn 1873. Jules Verne syn ferhalen binne yn hast hûndert talen oerset en yn 2010 kaam *In wrâldreis yn 80 dagen* yn it Frysk út. Letter is der troch útjouwerij Regaad en yllustrator Roelof Wijtsma in prachtich Frysktalich stripboek makke fan dit ferhaal. It stripboek is miskien wol by jim op skoalle of yn de byb te lien en is hjir en dêr noch te keap.



No tinkst miskien dat it net sa dreech is om yn tachtich dagen om de wrâld te reizgjen. Nee, dat is it ek net mei alle technology en ferfersmiddelen dy't wy no ha. Mar moatst dy yntinke dat dat yn 1872, it jier dêr't it ferhaal him ôfspilet, wol oars wie. De Ingelske gentlemen Phileas Fogg gie in weddenskip oan dat hy yn in rekôrtiid fan tachtich dagen om de wrâld hinne reizgje koe. Tegearre mei syn butler Passepartout is it in race tsjin de klok om fan London út, troch in nije Suezkanaal, fia Yndia, Sina, Japan, de Feriene Steaten en werom nei Ingelân te kommen. Se meitsje gebrûk fan steamtreinen en steamskippen, komme yn 'e kunde mei de plysje mar foaral ek mei in soad oare kultueren, gewoanten en tiidsônes.

Masters en juffen dy't graach mear mei dit boek dwaan wolle, kinne in lesbrief mei allegear lesideeën fine op de webside www.inspirerendmeertaligonderwijs.nl. Klik op de reade tegel en dan fynst In wrâldreis yn 80 dagen ûnder in kopje 'wrâldoriïntaasje'.

Aktiviteit Paspoart

Tsjintwurdich kin men samar op fakânsje de grins oer skeure nei Italië of Frankryk. Foar 1985 wie dat hiel oars. Je moasten by eltse grins in paspoart sjen litte: yn de rige mei de auto en by de slachbeam mar leaf laitsje nei de dûaneman. Yn Fogg syn tiid wie dat ek al sa, al wienen in paspoart doe noch frij nij.

Fraach: Wat is foar dy de koartste en wat is de langste rûte nei in grins dêr'tst in paspoart of id-kaart sjen litte moatst?

In soad lêswille mei dizze nije Tsjil!

Groetnis,

Tjitske



Ik sil op reis en nim mei...

Op side 6 kinst lêze dat der op it stuit fytzers mei in beam op reis binne troch Europa. Underweis wurde der lytse beamkes útdield oan minsken dy't harren jierdei hawwe. Nimsto ek wolris nuvere dingen mei op reis? Hingje de poster op yn skoalle en haw it der mei-inoar oer.

En kensto it spultsje 'ik sil op reis'? De earste seit: ik sil op reis en nim mei... in toskeboarstel. De twadde seit: ik sil op reis en nim mei... in toskeboarstel en in sinnebril. Gean sa mar troch. Wa hâldt dit spultsje it langste fol?

Wat nimsto mei op reis?



Hoi middelbere!

Ik gean nei de middelbere.
Al oer in jier.
Ik bin dan nij,
gjinien ken my.

Op dy earste dei....
fiel ik de spanning yn myn búk.
Myn hannen trilje sa hurd as in orkaan,
myn hert slacht as in drummer.

Wy binne allegearre nij,
de earstejiers.
De âlderen rinne lâns ús hinne.
Sjogge ús net.
Foar harren binne wy jonkys.
Net wier?



Chris út Surhuzum



Chris (11) út Surhuzum hat famylje oer de hiele wrâld. Syn heit is berne yn Fryslân, mar syn pake en beppe wiene de earste Hollanners yn it doarp. Syn mem komt út Fenezuëla, en dêr wennet ek syn beppe noch. Mar hy hat ek famylje yn Spanje en op Tenerife.

Elts jier komt syn beppe út Fenezuëla op besite. 'Se bliuwt dan trije moanne, faak ek yn desimber. Ferline jier fierden wy de krysttiid mei beppe en famylje út Spanje. Dat wie hiel gesellich.' Chris syn beppe bringt altyd wat spesjaals mei út har lân, lykas snobbersguod en spesjale gerjochten. 'Har empanadas binne it bêste! Myn mem kin ek Fenezolaansk itensiede, mar myn beppe kin it better.'

Chris reizget graach en hat al yn in soad lannen west. 'Ik haw op Tenerife, yn Egypte, Denemarken, Frankryk, Disneyland en noch folle mear plakken west. We geane graach op fakânsje. Net foar wurk

mar om't we fan fakânsje hâlde en famylje yn it bûtenlân hawwe.' Yn Egypte hie er in bysûndere ûnderfining. 'Wy gongen te snorkeljen yn de Reade See, dat wie supermoai! Myn heit hat sels ûnder in roch swommen. Mar wy wiene dêr yn de simmerfakânsje en dat wie miskien net sa tûk... It wie hast 45 graden.'

Chris hâldt fan aventoer. 'Op La Gomera ha wy yn in jeep riden. Dat skodde alle kanten op!' Net alle reisûnderfiningen wiene like leuk. 'Yn Egypte wiene der in soad minsken dy't dy fan alles besochten oan te smarren. Ien joech my samar in waaier, mar dêr moast ik dochs foar betelje. En ik ha in byld fan in kat kocht... in bytsje ûnder lichte twang. Mar myn mem is der hiel bliid mei, en ik eins ek wol.'

Der binne noch in soad plakken dêr't er hinne wol. 'Ik soe graach nei Brazilië of de Feriene Steaten wolle. En fansels Fenezuëla.' Njonken reizgjen is fuotbal syn



grutste passy. 'Myn heit en ik geane noch nei famylje yn Spanje om in wedstriid fan Real Madrid te sjen. It leafst soe ik nei El Clásico gean, mar dat is tûzen euro de man! Dat is wol hiel djoer.' Op skoalle, de Twa-ikker yn Stiensgea, en by de fuotbalklup is er it leafst dwaande mei syn hobby. 'Myn talint? Minsken ûnderút helje op it fjild!' laket er. 'Letter soe ik graach fuotballer wurde, mar ik wit net oft dat slagget.'

Foar no genietet Chris fan syn wrâldske famylje, syn fakânsjes en it moaie útsicht oer de greiden fan Surhuzum. 'Soms binne de kij fan de buorman wol wat yrritant, benammen as se op it rantsje fan ús tún poepel'



No sa!

Der fytst in beam troch Europa

Yn 2022 stie de binnenstêd fan Ljouwert fol mei 'kuierjende' beammen. De 800 beammen yn grutte plantebakken krigen hieltyd in oar plak, fan it stasjonsplein oant it Aldehoustertsjerkhôf. Dat ferpleatsen waard dien troch frijwilligers en sa ûntstie der in kuierjend bosk. No, yn 2025, hat lânskipsarsjitekt Bruno Doedens in nij plan mei beammen.

Op 11 april is der in bysûndere reis fan start gien. Doe begûn in fiif moanne lange fytstocht troch Europa mei in beam yn in bak efter de fyt. De beam stiet 5000 kilometer lang yn dizze bakfyt en sjocht njoggen lannen. De reis dy't de beam folget, giet oer it tinkbyldige sirkel troch Europa en wurdt Circle4Change neamd. De sirkel is in symboal foar de ierde, dêr't we sunich op wêze moatte. Underweis diele de minsken dy't mei de beam meifytse elke kilometer in jierdeibeam út oan minsken dy't harren jierdei fiere. Dit sil de start wêze fan in groeiend oantal jierdeibosken lâns de tinkbyldige sirkelline. Op dizze wize wurdt der mei-inoar boud oan in prachtich Europeesk lânskipskeunstwurk.

Foar't de reis begjinne koe wie der in protte tarieding dien. Der moast in fyt komme dêr't de beam op ferfierd wurde kin. Dat koe net samar in karke wêze, mar ien dy't kantelje kin. De fjouwer meter hege beam moat fansels wol ûnder fiadukten troch kinne. De rûte moast útstippele wurde, der moasten sliepplakken foar de fytters regele wurde, der moasten jierdeibeamkes besteld wurde en gean sa mar troch.

Rûchwei sil der fiif dagen yn 'e wike sa'n 50 kilometer fytst wurde. Sa kinne de fytters in soad minsken moetsje en harren fertelle oer it projekt Circle4Change. Dêrneist sille der ûnderweis ideeën foar in duorsume takomst sammele wurde en wurde de jierdeibeamkes útdield.



Op dizze foto steane Bruno Doedens en Linda de Haan. Kenste Linda har boek 'Ik wol in bosk op 'e jierdei'?

De rûte giet fan Ljouwert fia Dútslân, Poalen, Tsjechië en Eastenryk nei Nova Gorica. Dizze stêd leit op de grins fan Slovenië en Italië en is dit jier de kulturele haadstêd fan Europa. De beam sil dêr in pear wiken bliuwe. Healwei july sil de beam yn Venetië oankomme. Dêrnei sil de beam troch de Alpen yn Frankryk brocht wurde om sa ein augustus yn België oan te kommen. Healwei septimber sil de beam fia de Nederlânske kust weromkomme yn Ljouwert en dan is de sirkel rûn.

Bist benijd wêr't de beam no is of wolst sels in stikje meifytse? Hâld dan de webside fan Circle4Change yn 'e gaten.





Lyts Frysk Diktee

Femke van Kammen (12) fan de Dr. Theun de Vriesskoalle yn Feanwâlden kin it bêste Frysk skriuwe fan alle basisskoallebern yn Fryslân. Mei tsien flaters wûn se de skriuwwedstriid foar learlingen út groep 7 en 8. It makke hiel wat los: Femke wie sels op it NOS Jeugdjournaal te sjen!

Lokwinske! Bist wat bekaam fan alle oandacht?

‘Ja, hear! It wie geweldich om mei te dwaan. We sieten yn de prachtige Steateseal fan it Provinsjehûs en Omrop Fryslân wie der by te filmjen. Der wie net allinnich oandacht foar it Lyts Frysk Diktee yn Fryslân, sels it NOS Regiojournaal en it NOS Jeugdjournaal dienen der ferslach fan. Ik wist hielendal net dat ik op tillefyzje komme soe. We sieten mei de hiele klasse te sjen en doe wie ik ynienen yn byld. Dat wie wol in grutte ferrassing.’

Hiest ferwachte datst winne soest?

‘Noait in kear! Ik tocht dat der grif bern wêze soenen dy’t it better dwaan soenen as ik. Doe’t ik hearde dat ik wûn hie, wie ik hielendal fernuvere. It grappige is dat der no learlingen út groep 7 takom jier ek graach meidwaan wolle.’

Fûnst it spannend?

‘Ja, ik wie hiel senuweftich! Doe’t ik de seal yn rinnen kaam, fielde ik it kribeljen yn myn bûk. Mar doe’t ik sitten gong, sakke de spanning. Op de kamera’s haw ik net sa bot let. It diktee dat Janneke Brakels foarlies, wie yn it begjin wol dreech, mar de lêste sinnen wienen lokkich folle makliker.’

Hoe kaamst der by om mei te dwaan?

‘Op skoalle krigen we de fraach wa’t der meidwaan woe oan it Lyts Frysk Diktee. Yn groep 7 hie ik ek meidien en dat fûn ik hiel leuk. Dêrom woe ik diskear ek ekstra goed myn bêst dwaan. Op skoalle gie it der

dit jier ek folle serieuzer oan ta. We hawwe in hiel soad oefene, foaral op hoe’t je de ferskillende lûden en twalûden skriuwe moatte. Juf Rinskje lies ús foar út in boek. Wy moasten meiskriuwe en dêrnei koenen we it neilêze. Dat fûn ik echt hiel leuk. Se moedige ús oan om jûns ek in Frysk boek te lêzen.’

Wolst letter mear dwaan mei it Frysk?

‘Ik wit noch net sa goed wat ik wurde wol. Arsjittekt liket my moai, mar ik wol miskien ek wol dosint wurde, mar dan wol yn it Frysk.’

De twadde priis gie nei Dieuwke Buma fan de Master Frankeskoalle yn Earnewâld. Sy hie mei 11 flaters mar ien flater mear as Femke! De tredde priis gie nei Marianne van der Veen fan Bernesintrum de Wel yn Broeksterwâld. Sy hie 13 flaters. Goed dien hear! Lokwinske alle trije!



Trekfûgels



Ik tink dat jim de term trekfûgels wolris heard hawwe. Mar wat is in trekfûgel en wat betsjut it eins om in trekfûgel te wêzen?

Alle jierren, oan 'e ein fan de simmer en begjin fan 'e hjerst, giet de natuer yn 'e rêst foar de winter. Dan is der foar in soad fûgels hieltyd minder fretten te finen. Sûnder iten geane de measte bistjes dea fan 'e honger, dus silst nei plakken ta moatte dêr't noch wol iten te finen is. In part fan de fûgels kin bliuwe, mar der is net genôch fretten yn de winter foar alle fûgels.

Foar lândieren is fuortgean faak gjin mooglikheid want op de hiele boppeste helte fan de wrâld is it winter. De lândieren hawwe in oar trûkje as fuortgean. Sy geane

faak yn wintersliep. Tink dan bygelyks oan podden, mûzen en stikelbargen.

Sawat de helte fan alle fûgels makket gebrûk fan har mooglikheid om fuort te gean nei waarmere oarden, want se kinne har hurder ferpleatse as de lândieren trochdat se fleane kinne.

Witte jimme hoefolle kilometer it is om út Fryslân wei nei Spanje te reizgjen? Of nei it suden fan Afrika?

Nim as foarbyld no ris dy moaie, steatlike swart-wite fûgel dy't wy

gelokkich hieltyd faker yn ús natuer tsjinkomme: de earrebarre. Dizze grutte fûgel leit ôfstannen ôf fan 2000 oant wol 10.000 kilometer! En fleane is net maklik foar sa'n grutte fûgel. Dêrom brûkt de earrebarre syn grutte wjukken om te sweven. Krekt as in sweeffleantúch dat sweeft op termykbellen. Dat binne bellen fan waarme lucht dy't opstige fan de ierde. Groepen fan wol 500 earrebarren sykje dy bellen fan waarme lucht op troch har oer in brede line te ferdielen. As se in termykbel fûn hawwe, sirkelje se om dizze bel hinne en dan komme de oare earrebarren fan de groep hjir hinne. Sa kinne se hichte winne om dan sûnder in flerkslach te meitsjen fan de iene bel nei de oare te sweven. Hiel knap hear! (én enerzjysunich!)



As se fierder fleane wolle as nei Spanje, sille se oer de Middellânske See fleane moatte.

Dat dogge se leaver net, en dan bliuwe der yn Europa eins mar twa plakken oer dêr't se sa min mooglik breed wetter tsjinkomme. By Gibraltar en by de Bosporus. Sykje dy plakken mar ris op. Dan fleane se nochris twatûzen kilometer fierder oant se oankaam binne yn it gebiet súdlik fan de Sahara.

Underweis stean se bleat oan in hiel soad gefaren en spitigernôch sille net alle fûgels dizze tocht oerlibje. Ienkear op it plak fan bestimming oankommen sille se dêr bliuwe oant it by ús wer maitiid wurdt (en op de súdlike helte fan de ierde dus hjerst). Fan febrewaris oant sawat maaie sille se deselde tocht (trek) wer meitsje, mar dan yn omkearde rjochting.

It is bêst wol dreech om in fûgel te wêzen.
Wa hie dat tocht...
Net te leauwen dochts?

Tjitske sjocht har eagen út. De gebouwen binne sa heech! En wat binne der in soad minsken. Se sit yn in echte giele taksy! Krekt as yn films. Fannacht binne se oankaam. Doe wie de stêd ek moai mei al dy ljochtsjes. Mar se wie te wurch om har der drok oer te meitsjen.

‘Sa, hjir stappe we út’, seit heit. De taksy stoppet en heit betellet de taksysjauffeur.

‘Hawwe jimme it fototastel en skriuwboekje by de hân?’, freget heit.

‘Leave, lit dy bern dochs gewurde’, seit mem. ‘Se binnen foar it earst yn New York! Dy skiednis komt wol’, seit mem.


Heit skodde de holle. ‘We bliuwe hjir mar twa dagen. Dan moatte je der ek alles út helje’, seit er. ‘Boppedat sil Tjitske in sprekbeurt hâlde oer spoaren fan Nederlân yn New York. Dochts Tjitske?’

Tjitske knikt mei in soer gesicht. Fansels hie dat it idee fan heit west, dy sprekbeurt. Tjitske hie alle kânsen brûkt om in dei langer yn New York te bliuwen. Wa wit koe se aanst ek noch wol nei foarstelling op Broadway! Heit bleddere troch syn skriuwboekje. Hy sette syn masterstim op en ja hear, dêr komt de skiednisles. Tink je dat je mei fakânsje binne. Wêrom moast sy no krekt sa’n heit hawwe dy’t gek is op skiednis. Se sjocht nei Marten. Har broer draait mei syn eagen en docht dan syn earkes yn. Tûk fan him om die dochs stikem mei te nimmen. Heit giet sa op yn syn ferhaal dat dy der neat fan fernimt.


Heit stekt fan wâl: ‘Yn 1609 wurket Ingelse kapitein Henry Hudson foar de VOC. Dat is in Nederlânske hannelsmaatskippij. Hy moat in nije rûte fine nei Azië. Der leit te folle iis op de noardpoal. Hy kin der net lâns. Hy fart in oare kant op en fynt hjir nij lân. Hy neamt it ‘Nij-Nederlân’. Dêr moetet hy yndianen. Hy ruilet beverhûden foar kralen en metalen foarwerpen. Nederlân driuwt hannel mei de yndianen.

Marten gappet oerdreaun. ‘Ynteressant hear, heit. Sille we no in hamburger helje? Ik wol wolris sjen hoe grut dy hjir binne.’ Marten docht krekt oft er in hiele grutte hamburger beet hat. Sabeare nimt er in grutte hap en kôget der op.

Mem laket. ‘Hasto no al wer sin oan iten?’ laket se. ‘Do hast krekt dyn moarnsiten op.’



York



'Sjoch dêr!' ropt heit entûsjast. 'Dat is de flagge fan New York. Sjogge jimme wat der op stiet!' Heit strielet hielendal. 'It jiertal 1625 is it jier dat Nij-Amsterdam oprjochte is, de haadstêd fan Nij-Nederlân. De bever, de seeman, de wynmûne en de yndiaan. Is 't net prachtich? Yn 1674 wurdt Nij-Nederlân fan de Ingelsken en wurdt Nij-Amsterdam 'New York' neamd. Mar doe wisten de Nederlanners fansels noch net dat New York sa grut wurde soe.

'Leave, ik leau net dat dit echt wat foar de bern is', seit mem.

'Gjin panyk', seit heit. 'Ik haw in sightseeingbus mei iepen dak regele.' Hy wiist nei in bus dy't al stiet te wachtsjen. Sa sitte se fiif minuten yn in bus wêryn't in foarse dame mei in mikrofoan mei in eamelige stim fertelt oer New York.

'Sjoch!' flûstert heit. 'Ik haw in Nij-Amsterdambingo makke! Jimme moatte New York-nammen dy't der no binne, mei de âlde Nij-Amsterdam-nammen ferbine. Wa't as earste oeral in foto fan makke hat, bygelyks strjitnammebuordsjes, mei hjoed kieze wat we noch mear dwaan sille', seit heit grutsk.

'Jaah!!' ropt Marten. 'Nei in honkbalwedstriid fan de Yankees!!'

'Nei in foarstelling op Broadway!' ropt Tjitske. 'Quiet please!' de dame mei de mikrofoan sjocht harren liik oan.

Tjitske sjocht nei de wurden:

Nederlânsk

Breukelen
Haarlem
De Breede weg
Vlissingen
Jan Kees
Daalder
Koekjes
Baas
Nieuw Amsterdam

Ingelsk

New York
Boss
Harlem
Cookies
Dollar
Flushing
Brooklyn
Broadway
Yankees

De hiele moarn binne Marten en Tjitske wakker yn it spier. Se meitsje foto's fan strjitnammen, jild, posters en koekjes. Dy lêsten moatte se fansels priuwe. Heit jout bonuspunten as se der wat ekstra's bysette. Sa kriget Tjitske twa bonuspunten omdat se opskreaun hat: Jan Kees = Yankees. Ynwenners út Nij-Nederlân sprutsen ferskate talen. Jan Kees waard útsprutsen as Yankees. It wie in bynamme foar Nederlanners. No brûke in soad bûtenlanners dy namme foar Amearikanen. Marten krige ien bonuspunt foar: De New York Yankees is in super cool honkbalteam út New York.

'Ja, ik bin klear!' ropt Tjitske. 'Ik ek!' ropt Marten. Heit nimt de bingokaarten yn. Heit besjocht de bingokaarten sekuer. 'Elk 15 punten, jim binne tagelyk klear', oardielet heit.

'Dan meie we beide kieze!' roppe Tjitske en Marten. Heit en mem sjogge elkoar laitsjend oan.

'We sille fan 'e middei nei de Lion King op Broadway', fertelt mem.

'En jûn hawwe we kaartsjes foar in wedstriid fan de Yankees', seit heit.

'Jaaaaaa!' roppe Tjitske en Marten. Se springen op en del op de banken.

De dame mei de mikrofoan rint read oan. Gelokkich binne se al by de einhalte.

'Ik wol no earst in hamburger', seit mem. Nei al dy skiednis haw ik wol sin oan wat!

Tjitske sjoch nei de bingo-wurden dy't heit opskreaun hat. Ferbyn de wurden út de Nederlânske rige mei de jûste ferzje út de Ingelske rige hjirneist.

Witsto noch oare Ingelske wurden te betinken mei in Nederlânske oarsprong? Besprek mei in klasgenoat. Hokker wurden ha jim betocht? Skriuw dy op (Nederlâns en Ingelsk).

De fragen by dizze tekst steane op de folgjende side ->

Fragen nei it lêzen

1

As Tjitske en har famylje yn New York oankomme, falle harren fuort trije saken op dy't sy werkenne út films. Hokker saken binne dat? Understreekje dy yn it begjin fan it ferhaal.

2

Wat bedoelt de heit fan Tjitske oan it begjin fan it ferhaal mei 'dan moatte je der ek alles út helje'?

Kies it goede antwurd:

Hy bedoelt...

- a. dat se earst alles út harren koffers helje moatte
- b. dat se safolle mooglik sjen moatte fan de skiednis fan New York
- c. dat je yn twa dagen maklik alles yn New York besjen kinne

3

Tjitske sil nei harren reis in sprekbeurt hâlde oer spoaren fan Nederlân yn New York. Wat fynsto dat sy seker fertelle moat? Brûk foarbylden út de tekst. Kinst hjir ek plaatsjes by fine op it ynternet?

.....

.....

4

Hoe besiket Marten oan de ferhalen fan syn heit te ûntkommen? Skriuw dat hjirûnder op of ûnderstreekje it antwurd yn de tekst.

.....

5

Brûk ynfo út de tekst om it skema fierder yn te foljen:

1609 1. Henry Hudson fynt nij lân op syn rûte nei Azië en neamt it Nij-Nederlân

2.

1625 1.

1674 1. Nij-Nederlân wurdt fan de Ingelsken

2.

6

Freegje master of juf om de flagge fan New York op it digiboerd te setten. Besjoch de flagge en sykje nei ynformaasje oer wêr't de bever, de seeman, de wynmûne en de yndiaan foar steane. Folje it skema yn (meist dyn antwurd yn it Frysk en yn it Nederlânsk opskriuwe).



De bever

De Seeman

De Wynmûne

De Indiaan

Trochlêstip: miskien is it dy wolris opfallen dat in soad wurden yn it Frysk en it Ingelsk op inoar lykje. Dat neamme wy besibbens. Yn 'besibbens' kinst miskien it wurd sibling werkenne, it Ingelske wurd foar broers en sussen. Yn it artikel 'Verwantschap Fries- Engels' fan Friesland Post fynst noch mear foarbylden. Kinst it fine op: <https://www.friesland-post.nl/verwantschap-fries-en-engels/>

Reizgje mei de hynstebloom

Kensto de hynstebloom? Dat is dy plant dy't bloeit mei hiele moaie giele blommen en mei dy moaie plúskes dy't je fuortblaze kinne. In protte minsken beskôgje de hynstebloom as ûnkrûd, om't er oeral groeit en eins net te ferneatigjen is. Mar wisto wol dat de hynstebloom eins in magyske plant is?

De Latynske namme is *taraxacum officinalis*. It wurdt *taraxacum* komt fan *taraxis* dat ek in namme is foar in eachsykte. Kinst de hynstebloom ek brûke foar wurge eagen. It wurdt *officinalis* betsjut dat it eartiids offisjeel brûkt waard as medysk krûd yn apotheken. De hynstebloom kin ynset wurde tsjin ferskillende kwalen en der sitte in soad sûne stoffen yn. De Nederlânske namme *paardenbloem* tanket de blom oan it feit dat hynders, mar ek bargaen en kninen, safolle fan dit krûd hâlde.

De hynstebloom is ien fan de earste blommen dy't bloeie en sa fertelle dat it maitiid is. Oerdeis, as it waarm is, geane de blommen iepen en jûns, as it ôfkuollet, geane se wer ticht. As it te kâld is geane se hielendal net iepen. Wisto dat de hynstebloemen alle dagen tagelyk op deselde tiid iepen gear? Se geane meastentiids om fiif oere moarns iepen en slute jûns wer om acht oere hinne. Dat is magysk. De hynstebloemen binne ek it earste iten foar de ynsekten nei harren wintersliep. En wat moai is, is dat de hynstebloom sawol nektar as stomoal hat.

Wy as minsken kinne ek wat lekkers meitsje mei de blommen. It waard eartiids de huning fan 'e earmen neamd, om't se sa lekker swiet binne.

Wolsto ek wat lekkers meitsje mei de blommen? Dan haw ik in pear resepten foar dy.

Foar beide resepten jildt: sykje de blommen op in drûge, sinnige dei. De blommen moatte iepen en drûch wêze. Sykje net tichtby in autodyk of hûnkuiergebiet, dy blommen binne net sa fris. Nei it plôkjen kinne ynsekten derút krûpe. Lis de blommen dêrom efkes op in tafel bûtendoar, sadat de ynsekten derút krûpe kinne.

Hynstebloom wetter

Sykje in pear hannen fol giele blommen sûnder grien. Doch se yn in kanne en

jit der wetter op. De blommen moatte ûnderdompele wurde yn wetter. Foar swietens kinst in ytleppel rezinen tafoegje. Set de kanne in nacht yn 'e kuolkast en de oare deis hast in hearlik lekker glê hynstebloomwetter. Wol efkes tjemskje (zeven) foar it drinken. Dizze drank is hearlik fris en super maklik te meitsjen!

Hynstebloomsmarsel

Om dit smarsel te meitsjen, sikest ûngefear 22 blommen sûnder grien. Doch se yn in kom of in blender. Rasp de skyl fan in heale biologyske sinesapel en doch dy mei it sop fan in heale sinesapel by de blommen. Om it lekker en swiet te meitsjen, dochst der sa'n acht dadels sûnder pit by. Snij de dadels yn stikken en pei of purearje alles. Smar it op in toastje of in breadsje, lekker man!

As de hynstebloom klear is mei bloeien, feroaret er yn in wite bal fan plús. Foar de magy kinst dizze plúskes echt hurd fuortblaze en in winsk dwaan. Miskien sil dizze foar dy wurkje. En.... De sieden reizgje hiel fier fuort om op in nij plak wer in plant te wurden. Dat is ek magysk dochst!



Nederlânsk:
Paardenbloem
Latyn:
Taraxacum officinale
Frysk:
Hynstebloom





Dogge jim al mei oan TsjilTsjekt?
Sjoch op tsjil.omropfryslan.nl

Tiid foar in reis mei Tsjil! Mei diskear ferskate halten en nijsgjirrige ûnderwerpen. Wy reizgje lâns de Fryske pompys, jim meitsje kâns op in eigen reis mei skoalle en sjogge ek noch nei it libben yn Nij-Seelân. Dêrneist ha wy nijs oer in splinternij Frysk kampioenskip – in selsbetochte útdaging troch Tsjil. Watfoar kampioenskip soe dat wêze? Lês gau fierder!



1 Tsjil Tsjekt

Hâldsto fan reizgjen? In soad Friezen sjogge graach ris oer de grins en dat is net nij. Der wurdt al iuwenlang hiel wat ôfreizge en dat hat alles te krijen mei al it wetter om ús hinne. Raynaud wol ek wolris even op 'en paad en lit him graach ynspirearje troch de wrâldreizen fan us Fryske foarâlden. En fansels sykje wy ek kontakt mei de moderne reizgers fan Tsjil International. Kinne sy spoaren fan Fryske reizgers fine yn harren lân? Dat en mear yn Tsjil Tsjekt!



2 SjONG 2025

Neist SjONG junior wurdt hjir yn Fryslân ek SjONG organisearre. SjONG is foar learlingen op it fuortset ûnderwiis dy't in Fryske tekst op in besteand nûmer skriuwe. As jim aanst op it fuortset ûnderwiis sitte, kinne jim dus fol entûsjasme meidwaan oan SjONG. Wat jim nó al dwaan kinne, is SjONG sels thús folgje. De finale is nammentlik te sjen by Omrop Fryslân!

3 Tsjil International

Ast it oer reizgjen hast, dan hast it oer Tsjil International! Yn de Tsjil Tsjekt fan begjin dit jier koenen jim sjen hoe't Tjits it oer sleatsjespringen hie. Yn Nij-Seelân fertelde Saskia hoe't se dêr bûten boartet en wat dêr in populêre sport is. Hepke gie yn Frankryk de strjitte op en liet sjen wat petanque ynhâldt. En fansels koe Tjits der net ûnderút: sleatsjespringe! No ek te finen op it YouTube-kanaal fan Tsjil.



4 Spul

Flybje, it is net sa'n noflikke gewoante. Ja nei it toskepoetsen, of ast wat smoarchs yn 'e mûle hast. Mar oars? Nee, leaver net. Dochs kinne wy der by Tsjil ek wat leuks fan meitsje, nammentlik: it Frysk kampioenskip fierflybjen. Yn dizze fideo sjogge wy wa't it bêste syn flibe ûnder kontrôle hat. Wa kin doelfêst spue? Laura of Willem? In nije striid yn Spul te sjen op it YouTube-kanaal fan Tsjil.

5 Skoalreiske

Mei Tsjil Tsjekt kinne jim in eigen reis winne! De skoalle dy't dit skoaljier de measte pompys skoart, wurdt útroppen ta de Tsjilste klasse fan it jier en wint in bysûndere priis: it Tsjilste skoalreiske fan it jier! Wat dat krekt ynhâldt, hâlde wy noch geheim... pas yn de bus – dy't spesjaal foar jim regele wurdt – fertelle wy it.



Doch dus goed jim bêst mei Tsjil Tsjekt en wa wit wint jim klasse dit jier de **'Tsjilste klasse fan it jier'**-award, ynklusyf in spannende reis!

Ring fan Sumar kin net op reis

Yn 1997 fûn Pieter de Jong op in stik grûn by syn wenplak Sumar in prachtige gouden ring, Archeologen tinke dat de ring mear as 1000 jier âld is. De ring wie grif fan ien fan hege adel. Wêr't de ring makke is en hoe't dy yn Sumar bedarre is, is net bekend. De ring is sa wichtich dat de minister koartlyn it beslút nommen hat dat de ring net oan ien yn 't bûtenlân ferkocht wurde mei. De ring bliuwt hooplik yn Nederlân.



Iisberch A23a op reis

Yn 1986 bruts in hiel grut stik iis ôf fan Antartika. De iisberch is no noch ûngefear sa grut as de provinsje Fryslân. Ein foarich jier like it derop dat de iisberch mei de namme A23a op it eilân Súd-Georgia botse soe. Wittenskippers wiene benaud foar in ramp foar de natuer op 't eilân. No't de skots yn de buert fan 't eilân fêstrûn is, liket it krekt wer in foardiel foar de fûgels en seehûnen op Súd-Georgia te wêzen.



Grutste fossyl op 'e wrâld

It grutste fossyl ea fûn op de ierde is net fan in dino. It is... in beam. Yn 2003 is it fûn yn Thailân. It fossyl hat in lingte fan 72,2 meter! De beam libbe sa'n 800.000 jier lyn en hat nei alle gedachten sa'n 100 meter heech west. Om dit bysûndere fossyl te sjen, moatst in hiel ein reizgje, mar kinst ek Tsjil lêze



Fynst mei metaaldetektor by Rinsumageast

By Rinsumageast hat Richard Prins mei in metaaldetektor in 'merkload' (bulla) fûn. De bysûndere fynst wie yn in stik grûn ticht by it plak dêr't oait Kleaster Claerkamp stie. Op de 'bulla' steane ôfbyldings fan de apostels Petrus en Paulus en in ynskripsje dy't ferwiist nei paus Eugenius IV (1431-1447). Hoe't dy by Rinsumageast telâne kommen is... Mar de 'bulla' is te sjen yn Museum Dokkum.



Grutste elektryske fleanboat

It Amerikaanske bedriuw Regent Craft is dwaande mei de ûntwikkeling fan in in elektryske fleanboat mei de namme Viceroy. It apparaat hat in lingte fan 16,75 meter en spanwiidte fan 19,80 meter. De fleanmasine start en lânjet op wetter mei maksimaal 12 passazjiers. De tolve propellers wurde oandreaun troch elektromotoren. It berik is 300 kilometer. Om't de masine leech boppe 't wetter fleane moat, is it allinne geskikt foar ferfier oan 't wetter fan hiel grutte marren en seekusten. It soe in goedkeaper alternatyf foar fearboaten wurde moatte.



De wolf reizget ek wat ôf

Minsken hâlde fan reizgjen, mar bisten ek. In foarbyld is de wolf. Hieltyd faker wurdt dit bist sjoen op allerhanne plakken yn Drinte, Grinslân en Fryslân. Aardich of net, der komme hieltyd mear en sjochst se op allerhanne plakken. Op de sosjale media fynst in soad filmkes.



Kofje djoerder en djoerder

Kofje makket in hiele reis ear't dy yn Nederlân is. Kofjestrûken groeie op berchhellingen yn de tropen. Troch minder geskikt waar sa as drûchte, giet it net goed mei de kofjeproduksje. En as der net genôch is, geane de prizen omheech. De priis dy't betelle wurdt foar kofje yn de winkels is no hiel heech. Miskien giet dy noch wol fierder omheech.



Bysûnder eilân op Faeröer

Op Sørvágsvatn, dat is ien fan de eilannen fan de Faeröer, kinst in bysûndere situaasje sjen. In mar op it eilân liket boppe en oer de Atlantyske Oseaan te hingjen. It moaiste soe wêze dat wy der even mei in skoalreis hinne gongen, mar in foto yn Tsjil is ek al moai.



Fergees der op út

Wolsto wat cools dwaan sûnder dat it jild kostet? En dat ek noch lekker tichtby, yn eigen provinsje? Hjir binne fiif fergeze aktiviteiten dy'tst net misse wolst. Nim dyn heit, mem, omke, buorfrou of freonen mei en gean der op út!

1 Skatepark yn Ljouwert

Bist in skater of wolst gewoan lekker tsjille? Dan is it skatepark yn de Van Loonstraat yn Ljouwert it plak. Kinst dêr te plak mei dyn skateboard, BMX of autopet (step). Oftst no in begjinner bist of al super goed, it is geweldig om mei-inoar te skaten of tricks te learen fan oaren. Ek op It Hearrenfean en yn Frjentsjer, Snits en Drachten binne grutte skateparken!



2 Ferken de Alde Feanen

Nasjonaal Park de Alde Feanen is ideaal foar in aventoerlike dei yn de natuer. Oftst no kuierje of fytse wolst, of gewoan tsjille oan it wetter, der is foar elkenien wol wat te dwaan. Nim dyn freonen mei op ûntdekkingsstocht troch de bosken en spot bysûndere fûgels of oare bisten.



3 Keunst by de Waadsee

De Waadsee is supermoai om te ûntdekken! Op guon plakken, lykas by Holwert, kinst seehûnen spotte fan de dyk ôf. Mei in bytsje gelok sjochst dizze moaie bisten yn harren natuerlike omjouwing. Nim lekkere snacks of in picknick mei, sadat jim net ferhongerje ûnder it wachtsjen. Of meitsje in bysûndere foto by de grutte bylden fan it keunstwurk Wachten op hoog water! Dizze bylden wurde yn 'e folksmûle ek wol 'de dikke en de dunne' neamd...

5 Tsjil yn de histoaryske binnenstêd fan Dokkum

Dokkum is ien fan de moaiste stedsjes fan Fryslân, mei âlde grêften, kekke winkels en bysûndere mûnen. De stêd is ek super geskikt foar in picknick op de bolwurken of in suprûntsje troch de grêften. Nimst ek in pear selfies op moaie plakken, lykas by de iisfontein?

4 Keunst sjen yn it Fries Museum

Op sneins is it Fries Museum yn Ljouwert fergees tagonklik foar elkenien ûnder de 18 jier. Op sneintemiddei organisearje se ek alle wiken in workshop foar bern. Perfekt om wat leuks te dwaan én kultuer mei te pikken. It museum hat ek krekt in nije tentoanstelling oer de Twadde Wrâldoarloch: *Impact*.



Puzelside

Dizze kear in trochstreekpuzel dy't fol is mei fûgelnammen. De letters dy't oerbliuwe, foarmje in wurd. Kinsto de puzel oplosse? Skriuw dat wurd yn in e-mail en stjoer dy foar **de simmerfakânsje** nei **tsjil@cedin.nl**. Skriuw dúdlik dyn namme, groep en skoalle yn it e-mailsje.



Trochstreekpuzel

S	W	A	N	B	E	A	M	K	R	Û	P	E	R
F	K	W	B	L	A	U	S	P	J	O	C	H	T
E	J	R	R	J	U	R	K	L	Y	S	T	E	R
K	A	I	I	E	S	E	R	R	J	K	B	L	H
A	H	R	L	E	I	A	I	O	E	O	L	S	A
M	O	T	R	D	S	D	E	E	R	L	O	P	U
Û	U	O	B	E	M	B	H	K	K	V	K	A	K
Z	T	A	L	I	B	O	T	Y	E	E	M	R	P
E	E	R	A	N	L	A	S	O	N	R	I	W	R
B	K	T	U	F	J	R	R	K	M	T	E	E	O
I	S	E	M	Û	I	S	C	R	H	K	S	R	T
T	T	L	I	G	P	T	G	O	E	S	E	J	T
E	E	D	E	E	S	K	E	L	F	I	N	K	E
R	R	O	S	L	I	E	L	R	E	A	G	E	R

Beamkrûper
Blaumies
Blauspjocht
Blokries
Earrebarre
Einfûgel
Fjildmosk
Goes
Hauk

Houtekster
Ielreager
Jerke
Klyster
Krie
Ljip
Mûzebiter
Protter
Readboarstke

Reidhyntsje
Roek
Skelfink
Skolver
Skries
Sparwer
Swan
Toarteldo
Tomke

PS: Brûk www.frysker.nl om wurden oer te setten dy'tst noch net kenst.

Mopke fan Lobke



In groep toeristen makket in lange seereis. Op in stuit fart it skip by in lyts eilantsje del. Op dat eilantsje stiet in man yn skuorde klean en mei in lang burd te springen en te swaaien, dêr't de kaptein oer seit: 'Dat is de freonlikste man dy't ik ken. Hieltyd as ús skip by him del fart, stiet er te swaaien!'



Mûzebiter

Sudoku

2		1				3		7
	8		1					
6	3		2		4	5		
5	1	3	9		2	7	6	8
		6		1		4		2
	4						9	
	9		6	2		8		5
	2	8		3	9	6		4
3		5	4		7		1	

De priiswinner fan de lêste puzel is **Tiemen Dijkstra Groep 6 fan Op 'e hichte** út Skearnegoutum.

De oplossing wie: **ûntdekke**

BAUKE NYNKE EN BRAM



BAUKE EN NYNKE BINNE MEI HEIT EN MEM IN PEAR DAGEN MEI DE BOAT FUORT. SE SLIEPE MEI BRAM YN'E TINTE.

